

PERSBERICHT



Nummer: 175 LV

Datum: 23 november 2021

Rol Afsprakenkader weidevogelbescherming bij Omgevingsverordening

Het College van Gedeputeerde Staten heeft met belangstelling kennisgenomen van het Afsprakenkader dat vorige week door elf landbouworganisaties is aangeboden. Het college stelt aan de Staten voor om dit als bijlage op te nemen in de reactienota bij de Omgevingsverordening die in het voorjaar wordt vastgesteld.

“Neffens ús is it Ofsprakeramt yn de geast fan de earder formulearre útwurking fan de soarchplicht. Wol is it sa dat de soarchplicht ûnderdiel is fan de wet wê't eltsenien him oan hâlde moat. Dêr kinne we neat oan feroarje, mar wy sille mei in-oar sjen moatte oft dit Ofsprakeramt de kommende jierren wurkje kin”, zegt gedeputeerde Douwe Hoogland. In april 2022 besluit Provinciale Staten over het vaststellen van de Omgevingsverordening. Het college stelt aan Provinciale Staten voor om de uitwerking van de zorgplicht voor weide- en akkervogels daarin niet op te nemen. Daarnaast is het advies om het Afsprakenkader als bijlage op te nemen in de reactienota waarin alle binnengekomen zienswijzen van de Ontwerp Omgevingsverordening worden behandeld.

Bescherming van weidevogels

Elf landbouworganisaties hebben afgesproken hoe ze de komende jaren weidevogels willen beschermen in Fryslân. Dit gebeurde nadat de landbouwsector in het voorjaar aangaf de uitwerking van de zorgplicht in de Ontwerp Omgevingsverordening niet werkbaar te vinden. In het Afsprakenkader weidevogels Fryslân valt te lezen hoe de landbouwpartijen met de uitwerking van zorgplicht voor weidevogels willen omgaan.

Het document is ondertekend door Agractie, Het Friesch Grondbezit, Agrarische Jongeren Fryslân, Farmers Defence Force, Land- en Tuinbouw Organisatie Noord, Kollektivenberied Fryslân, Feriening Biologyske Boeren Fryslân, Netwerk Grondig, Nederlandse Melkveehouders Vakbond, Dutch Dairymen Board en de Nederlandse Akkerbouw Vakbond. Ook is het Afsprakenkader gedeeld met natuur- en milieuorganisaties.

PARSEBERJOCHT



Nûmer: 175 LV

Datum: 23 novimber 2021

Rol Ofsprakeramt greidefûgelbeskerming by Omjouwingsferoardering

It Kolleezje fan Deputearre Steaten hat mei belangstelling kennis naam fan it Ofsprakeramt dat ferline wike troch alve lânbou-organisaasjes oanbean is. It kolleezje stelt oan de Steaten foar om dit as bylage op te nimmen yn de reaksjenota by de Omjouwingsferoardering dy 't yn de maitiid fêststeld wurdt.

"Neffens ús is it Ofsprakeramt yn de geast fan de earder formulearre útwurking fan de soarchplicht. Wol is it sa dat de soarchplicht ûnderdiel is fan de wet dêr 't elkenien him oan hâlde moat. Dêr kinne we neat oan feroarje, mar wy sille mei in-oar sjen moatte oft dit Ofsprakeramt de kommende jierren wurkje kin", seit deputearre Douwe Hoogland. Yn april 2022 beslút Provinsjale Steaten oer it fêststellen fan de Omjouwingsferoardening. It kolleezje stelt oan Provinsjale Steaten foar om de útwurking fan de soarchplicht foar greide- en boufûgels dêryn net op te nimmen. Dêrneist is it advys om it Ofsprakeramt as bylage op te nimmen yn de reaksjenota wêryn't alle ynkommen sjenswizen fan de Ontwerp Omgevingsverordening behannele wurde.

Beskerming fan greidefûgels

Alve lânbou-organisaasjes hawwe ôfpraat hoe't se de kommende jierren greidefûgels beskermje wolle yn Fryslân. Dat barde neidat de lânbousektor yn it foarjier oanjoech de útwurking fan de soarchplicht yn de Ontwerp Omgevingsverordening net wurkber te finen. Yn it Ofsprakekader greidefûgels Fryslân falt te lêzen hoe't de lânboupartijen mei de útwurking fan soarchplicht foar greidefûgels omgean wolle.

It dokumint is ûndertekene troch Agractie, Het Friesch Grondbezit, Agrarische Jongeren Fryslân, Farmers Defence Force, Land- en Tuinbouw Organisatie Noord, Kollektivenberied Fryslân, Feriening Biologyske Boeren Fryslân, Netwerk Grondig, Nederlandse Melkveehouders Vakbond, Dutch Dairymen Board en de Nederlandse Akkerbouw Vakbond. Ek is it Ofsprakeramt diel mei natuer- en miljeuorganisaasjes.